

# Gysbert Japicxpriis takend oan Sjoerd Spanninga

De provinsje hat, nei't ús trochdien wurdt, de Gysbert Japicxpriis 1951 takend oan de dichter Sjoerd Spanninga to Snits. De priis, dy't dizkear útrikt wurdt foar de bêste poëzij yn 'e beide forroune jierren, komt him neffens it provinsje-bistjûr ta foar syn bondels „Spegelskrift” en „Núnders”. Spanninga — in namme, dêr't him de dichterskriuwer Jan Dykstra efter forskûlet, dy't 8 Febrewaris 1906 op 'e Jouwerberne is — hat de priis oannommen.

De kommisje, dy't it provinsjebistjûr advisearre hat oer de tawizing fan de Gysbert Japicxpriis, hie dizkear net folle kar; der is mar in bytsje poëzij forskynd en sa wie it to foarsjen, dat Sjoerd Spanninga — dy't yn dit tiidrek twa bondels yn't ljocht jown hat („Spegelskrift” yn 1949 by Brandenburgh en Co. en „Núnders” yn 1950 yn 'e Reid-domprige by Laverman) — earnstich yn 'e bineaming komme soe foar de priis — as dy al útrikt wurde soe.

Sjoerd Spanninga is yn 'e Fryske dichterswrâld in bysûndere en aparte forskining; fan in bulte minsken wurdearre om syn eksotyske en mystike ferzen, fan oaren fier forsmiten om't syn wurk tofolle mist oan karakter en net tsjûget fan de vnderlike spanning fan 'e moederne minske, dy't dichters ornaris ta skriuwen twingt. Spanninga is in wurd-en byldkunstner, syn uterlike foarm is somtiids masterlik — swier fan barok, lykwols — mar men hat dochs altiten it gefoel dat it mear konstruksje as ynspiraasje is.

Nettsjinsteande dat giet der fan syn wurk (bûten de beide bondels komt men mannich fers fan him tsjin yn it Heite-

an — dat syn „earstelingen” opnaem —

en yn de Tsjerne) in bikoaring út. Hwer't men hâldfêst kriget oan syn kunst — en dat is yn „Núnders” earder it gefal — as yn „Spegelskrift” — grypt er jin oan troch in apartens, oarspronklikens, ûnbinonge wyldens en fantasij.



Sjoerd Spanninga (pseudonym foar Jan Dykstra to Snits), is de Gysbert Japicxpriis 1951 takend.